

In kening stjoert syn tsjanners

1

In kening stjoert syn tsjanners
nei goeden en nei minnen.
Wês wolkom by jim hear,
de tafel stiet al klear.
Wa't nei it troufeest gear
ûntfange nije klean.

refrein

Hopen binne roppen,
inkelden ferstean,
dat je yn 'e brulloftspronk
nei de kening gear.

2

De klean fan alle dagen
dy kinst dêr wier net drage.
Dochs woe in gast net heal
yn feestklean nei de seal.
Hy wie sa kreas genôch,
sa koe 't der wol op troch.

refrein

3

De kening soe him groetsje,
mar seach syn âld boesgroentsje.
Teloarsteld frege hy:
Bisto net bliid mei my?
Kom, feinten, nim him mei
en bring him gau hjir wei.

refrein

4

De Hear hat sels ús roppen,
de breugeman fan boppen.
As útferkarde breid
foar alle ivichheid
gear wy yn 't wyt op wei,
fol langstme nei dy dei.

refrein

tekst Anka Brands, by Mattéus 22:9-14 – ‘De koning zond zijn knechten’
oersetting David de Jong
meldij Luit Doornbos